

# PERSBERICHT



Nummer: 010 TvB  
Datum: 20 januari 2026

## Subsidie voor het verduurzamen van het Friese landbouwbedrijf

**Van 9 februari t/m 10 april 2026 stelt de provincie Fryslân €4 miljoen beschikbaar om de Friese landbouwsector te ondersteunen bij de overgang naar een duurzaam, sterk en toekomstbestendig agrarisch bedrijf. De subsidie is voor investeringen die bijdragen aan klimaat, waterkwaliteit, bodem, biodiversiteit en innovatie op het boerenerf. Ook is er budget voor dierenwelzijn en bescherming tegen wolvenschade. Voor jonge landbouwers reserveren we de helft van het budget, zodat zij extra kansen krijgen om te verduurzamen.**

Met de regeling 'Verduurzaming van het Friese landbouwbedrijf 2026' stimuleert de provincie Fryslân investeringen die de waterkwaliteit verbeteren, de bodemgezondheid versterken en het dierenwelzijn verbeteren. Het gaat bijvoorbeeld om precisie-bemestingsapparatuur, energiezuinige installaties, regelbare drainage of voorzieningen voor meer weidegang. Ook investeringen die bijdragen aan biodiversiteit, natuur-inclusieve teelt en beter dierenwelzijn komen in aanmerking. De investeringen waarvoor men subsidie kan aanvragen staan in bijlage 1 van het openstellingsbesluit.

Gedeputeerde Abel Kooistra: *“Deze regeling is beschikbaar voor alle boeren, van gangbaar tot natuur-inclusief. Een boerdiverse landbouwsector versterkt de robuuste en toekomstbestendige positie van de landbouw in Fryslân. Dit maakt de sector efficiënter, terwijl ze tegelijkertijd de positieve invloed van het agrarisch bedrijf op onze leefomgeving versterkt”.*

### Wie kan subsidie aanvragen?

Landbouwers en samenwerkingsverbanden van landbouwers kunnen de subsidie aanvragen voor fysieke investeringen. De investeringen dragen bij aan verbetering van waterkwaliteit en bodemgezondheid, duurzame energie, biodiversiteit op en rond het bedrijf, natuur-inclusieve bedrijfsvoering, dierenwelzijn of zuinig gebruik van natuurlijke hulpbronnen van water, bodem en lucht.

### Subsidiebedragen

De hoogte van de subsidieaanvraag moet minimaal €25.000,- en mag maximaal €124.999,- zijn. De subsidie stelt €2 miljoen beschikbaar voor jonge landbouwers, jonger dan 40 jaar, met een subsidiepercentage van 55%. Daarnaast wordt €2 miljoen beschikbaar gesteld voor alle landbouwers met een subsidiepercentage van 40%.

### Europees Gemeenschappelijk Landbouwbeleid

De openstelling sluit op 10 april 2026 om 17.00 uur. De uitvoering is in handen van het SNN (Samenwerkingsverband Noord-Nederland). De subsidieregeling is onderdeel van het Europees Gemeenschappelijk Landbouwbeleid (GLB 2023-2027). Het GLB wordt gefinancierd door de Europese Unie (EU); provincies en gemeenten voeren dit samen uit. Meer informatie over het GLB en de openstellingskalender 2026 vindt u op de website van de provincie Fryslân: [Gemeenschappelijk Landbouw Beleid \(GLB\) | Fryslân](#). De volledige informatie en de voorwaarden van deze regeling vindt u op de [subsidiepagina van SNN](#).

---

Voor meer informatie over dit persbericht kunt u bellen met 058 – 292 57 35. Dit persbericht is ook te vinden op internet: [www.fryslan.frl](http://www.fryslan.frl) | Foar mear ynformaasje oer dit parseberjocht kinne jo belje mei 058 – 292 57 35. Dit parseberjocht is ek te finen op ynternet: [www.fryslan.frl](http://www.fryslan.frl)

Nûmer: 010 TvB  
Datum: 20 jannewaris 2026

## Subsydzje foar it duorsumer meitsjen fan it Fryske lânboubedriuw

Fan 9 febrewaris o/m 10 april 2026 stelt de provinsje Fryslân €4 miljoen beskikber om de Fryske lânbousektor te stypjen by de oergong nei in duorsum, sterk en takomstbestindich agrarysk bedriuw. De subsydzje is foar ynvestearrings dy't bydrage oan klimaat, wetterkwaliteit, boaiem, biodiversiteit en ynnovaasje op it boerehiem. Ek is der budzjet foar bistewolwêzen en beskerming tsjin wolveskea. Foar jonge lânboubouwers reservearje we de helte fan it budzjet, sadat sy ekstra kânsen krije om te ferduorsumjen.

Mei de regeling 'Verduurzaming van het Friese landbouwbedrijf 2026' stimulearret de provinsje Fryslân ynvestearrings dy't de wetterkwaliteit ferbetterje, de sûnens fan 'e grûn fuortsterkje en it bistewolwêzen ferbetterje. It giet bygelyks om presysje-dongapparatuur, enerzjysunige ynstallaasjes, regelbere drainaazje of foarsjennings foar mear greidegong. Ek ynvestearrings dy't bydrage oan bioferskaat, natuer-ynklusive tylt en better bistewolwêzen komme yn oanmerking. De ynvestearrings dêr't men subsydzje foar oanfreegje kin, steane yn taheakke 1 fan it iepenstellingsbeslút.

Deputearre Abel Kooistra: *“Dizze regeling is beskikber foar alle boeren, fan gangber oant natuer-ynklusyf. In boerdiverse lânbousektor fersterket de robúste en takomstbestindige posysje fan de lânbou yn Fryslân. Dit makket de sektor effisjinter, wylst se tagelyk de positive ynfloed fan it agrarysk bedriuw op ús leefomjouwing fersterket”.*

### Wa kin subsydzje oanfreegje?

Boeren en gearwurkingsferbannen fan boeren kinne it subsydzje oanfreegje, om dêrmei fysike ynvestearrings te dwaan. De ynvestearrings drage by oan ferbettering fan wetterkwaliteit en sûnens fan 'e grûn, duorseme enerzjy, bioferskaat op en om bedriuw, natuer-ynklusive bedriuwsfiering, bistewolwêzen en sunich gebrûk fan natuerlike helpboarnen fan wetter, grûn en loft.

### Subsydzjebedraggen

De hichte fan de subsydzje-oanfraach moat tusken de €25.000,- en €124.999,- lizze. De regeling stelt €2 miljoen beskikber foar jonge boeren, jonger as 40 jier, mei in subsydzjepersintaazje fan 55%. Dêrneist wurdt €2 miljoen beskikber steld foar alle boeren mei in subsydzjepersintaazje fan 40%.

### Europeesk Mienskiplik Lânboubelied

De iepenstelling slút op 10 april 2026 om 17.00 oere. De útfiering is yn hannen fan it SNN (Samenwerkingsverband Noord-Nederland). De subsydzjeregeling is ûnderdiel fan it Europeesk Mienskiplik Lânboubelied (GLB 2020-2027). It GLB wurdt finansiere troch de Europeeske Uny (EU); provinsjes en gemeenten fiere dat mei-inoar út. Mear ynformaasje oer it GLB en de iepenstellingskalinder fan 2026 fine jo op de webside fan de provinsje Fryslân: [Gemeenschappelijk Landbouw Beleid \(GLB\) | Fryslân](#). De folsleine ynformaasje en de betingsten fan de regeling fine jo op de [subsydzjeside fan SNN](#).